

Meitsje in gedicht

Stap 1

Pak in skrift of in briefke en in pinne of potlead.

De earste 2 minuten:

Skriu op wêr'tst oan tinkst by de wurden: 'frij wêze'.
Wat sjochst foar dy?
Watfoar gefoel hast derby?
Oan wa tinkst?
Miskien geane dyn gedachten alle kanten út.
Miskien betinkst losse wurden of koarte sintjes.
Allegear goed: skriu alles op watst betinkst.

Tiid om?

Skriu no yn 2 minuten op wêr'tst oan tinkst by de wurden 'net frij wêze'.
Tink nei oer deselde fragen as yn de earste 2 minuten. Alles is goed: skriu alles op watst betinkst.

Tiid om?

Fertel oan elkoar wat jim betocht hawwe.
Ynspirearje elkoar!

Stap 2

Besjoch de wurden dy'tst skreaun hast.
Kies dyn ûnderwerp: 'Frij wêze' of 'Net frij wêze'.
Miskien wolst der noch wat by skriuwe. Dat mei, mar it hoecht net.
Kies alle wurden dy'tst moai fynst foar dyn gedicht.
Set der in streep ûnder of jou se in kleurke.



Stap 3

Skriu dyn gedicht.

It gedicht hoecht net te rymjen.

It gedicht hoecht net in ferhaal te wêzen.

It gedicht fertelt watsto fielst by 'Frij wêzen' of 'Net frij wêzen'.

Lês alles watsto betocht hast by dyn ûnderwerp.
Skriu dyn gedicht earst op in kladbrieffke.

- Begjin mei in sin:
'Ik fiel my ...' (skriu in 'gefoel-wurd' dat past by dyn ûnderwerp)
of
'Hjoed bin ik ...'
- Skriu dêrûnder watst betocht hast.
Skriu hieltyd op in nije rigel.
Soms skriuwst in los wurd.
Soms kin it in groepke wurden wêze.
Soms is it in koarte sin.
Soms kinst wurden werhelje.
Do hoechst net alles te brûken watst betocht hast, mar it mei wol.
- Slút ôf mei de sin dêr'tst mei begûn bist, of in sin dy't dêrop liket.

Wikselsje de wurden en sinnen krekt salang oant it foar dy goed is.

Lês it gedicht lûdop om te hearren oft it goed klinkt.

Tefreden oer dyn gedicht?

Skriu dyn gedicht moai op.

Tink oan de staveringsregels dy'tst leard hast!

Bist net wis oft it goed is?

Geen dan nei frysker.nl.

Dêr kinst in wurd opsykje, dyn sinnen hifkje (= neisjen) of wat oersetse (= fertale).

Kinst ek by dyn gedicht tekenje of der kleuren by brûke.

Lês en besjoch de gedichten fan elkoar.

Hingje dyn gedicht op of meitsje fan alle gedichten in boekje.

Tips om te skriuwen as in dichter:

1. Skriu koarte rigels.
(Net mear as tsien wurden)
2. Begin de sin mei it belangrykste wurd.
3. Smyt wurden fuort.
(Lykas: 'en', 'ek', 'om't' en 'doe' ...)
4. Skriu mei dyn sintugen.
(Lit wat sjen, hearre, rûke, fiele, priuwe)
5. Pas op foar de rymstrykte.
(Meist wol in kear rymje, mar net tefolle)
6. Lit it klinken as muzyk.
(Werhelje bygelyks wurden of sinnen)
7. Sis it oars as oars.
(Sprek bygelyks yn ôfbyldings en fergelikingen)
8. Skriu mei in ritme.
(Kinst op de wurden rinne ast it foarlêst)
9. Skriu lege rigels.
(Soms binne kûpletten nuttich)
10. Brûk apps, wurdboeken en oersetmasines.